

DE HAVENSBANK



Maaie 2015

Hein Hoogeveentoernooi

Ein maaie alwer

Reuny J.H.
Nieuwoldskoalle 1965 -
1971

Kopij fan Ypie

Op nei de 50!

Jou dy op foar it
iepenloftspul!

God fan'e slachting

4238

Competitie-keatse?

Het Bulletin (met dank aan het archief van Jan van den Berg)

Het wekelijkse Bulletin van de V.V. Warga verschijnt niet meer. Bij menigeen heeft dit geleid tot gewezen en geknars der tanden, hetgeen niet geheel onlogisch mag worden genoemd. In vroeger tijden werd het Bulletin niet alleen gebruikt voor het wedstrijdschema en de opstelling der elftallen, maar ook de ontboezemingen van spelers en leden kregen op de achterzijde alle aandacht. Nemen wij het jaar 1963, bulletin nummer 6, eens onder de loep. Aan de voorkant de gebruikelijke mededelingen en spelersnamen, waarvan niemand mij kwalijk zal nemen dat ik daaruit één persoon naar voren haal: de nu 87 jarige Tjerk Nauta, die in Warga 2 als linksback stond opgesteld in de wedstrijd tegen Leeuwarden 7 op zondag 25 maart 1963. Vermeldenswaard is tevens dat Tjerk het oudste lid is van de Loterijclub 'Risico', een vereniging, die tevens met enige hartstocht het edele schutjas spel beoefent. En Tjerk mocht onlangs, om en nabij het middernachtelijk uur, met de zwaar bevochten seizoensmedaille huiswaarts keren. Voorwaar, een prestatie van de buitencategorie.

Dan nu de keerzijde van het bewuste Bulletin, met daarop enkele, geselecteerde, ingezonden stukken die getuigen van een zekere vrijmoedigheid, en waarvan de meeste hoogstwaarschijnlijk dateren van voor, tijdens en vlak na de Tweede Wereld Oorlog. Zo schrijft Bouke Spykstra het volgende:

'De bêste stjoerlju steane oan.....it lyntsje. Der binne in bulte mieningen fan dy wer't ik my yn fine kin, mar folgens my makkest ien fout, it binne net de spilers....!

Net harren luiens is de oarsaak, mar it bestjoer is net by machte in goeie trainer oan te heljen dy't de mannen der waarm foar krije kin en hja misse sels de krêft om dit dúdlik te meitsjen. Fierder sjoch ik dy graach yn 'e alvetal kommisje mei dyn objective miening.

(Tot wie richt Bouke zich hier? Jammer ook dat zijn schrijfsel ongedateerd is)

Op 6-11-1945 arriveert er een brief uit Jirnsum, met de volgende inhoud:

'Eale sportfreon. Om 't ús fjild oan trije kanten troch wetter omsletten wurdt en wy mar oer 1 bal beskikke kinne, wol ik jimme freegje op syn minst 1 bal mei te nimmen foar de wedstriid Jirnsum - Wergea 1 op oanstearde snein. It spyljen mei 1 bal jout in bulte opûnthâld, mar as der stikken rekket kinne wy net fierder. Mei sportgroetnis, S. de Jong.

(Of de bedelbrief van S. de Jong succes heeft gehad? Het zal niet aan het goedhartig karakter van de Wergeaster voetballers hebben gelegen.)

Bedankje per briefkaart: 8-12-1947. Geen naamsvermelding:

Aan Heer Baarsma: Wegens vertrek naar Holland bedank ik voor de Voetbalclub Vereen Warga. Want ik ben in IJmuiden bij het voetballen. Moet ik mij nu overschrijven of als ik bedank en mij in IJmuiden weer in laat inschrijven. Als ik nog geld schuldig ben haal het dan maar even bij mijn ouders....

(Stilistisch beslist geen hoogstandje, deze brief, maar dat penningmeester Folkert Baarsma door de anonieme schrijver als loopjongen wordt gebruikt 'raast oan de protters'.)

Moanneblêd
foar
Wergea
Warstiens
Eagum



compjoeterservice
Gerrit Brouwer
wordt nu

compjoeterservice

**GIN
BIJK.NL**



WWW.GINBIJK.NL

Leeuwarderweg 1

9005 NB Wergea

058 255 30 36

wergea@ginbijk.nl

- Systeembeheer
- Netwerkbeheer
- Hardware - Software
- Advies - Verkoop
- Service
- Webdesign

Attent



**Hansma
Wergea**

ATTENT, SUPER IN DE BUURT!



Kerkbuurt 19, tel 2552618, fax 2553032

ma-do: 8:30-18:00

vr : 8:30-19:30

za : 8:30-17:00

En dan tot slot een raadselachtig verhaaltje, anoniem en niet gedateerd:

Stonden de toeschouwers vaak in dikke jassen langs de lijn, wij speelden nagenoeg zonder kleding in de drek alsof het leven ervan afhing. Dat deze toestand niet bestendig kon blijven laat zich denken en wij beraamden plannen ter verbetering en vergroting. Aangeklopt bij de Gemeente, nul op het rekwist, dus dan maar zelf de hand aan de ploeg. Op de betreffende vergadering werd besloten de benodigde enkele honderden guldens door middel van renteloze aandelen te bemachtigen. Allemaal jongens, zo arm als de mieren, stonden borg. Bedankt. Wat een vertrouwen en clubliefde. Het waren toen hoogtijdagen voor de club.

Hoewel voor UDI en 't Oosten de noodzaak niet bestond, werden er door hen toch gelden beschikbaar gesteld.

(Een onderdeel van dit geschrift betreft een wedstrijdverslag van de promotiewedstrijd tegen Friesche Boys in Burgum, die door VV Warga werd gewonnen. Daaronder prijkt de opstelling van Warga. Naast prominenten als Ele van der Meer, Gerrit van der Duim en Aan Albertsma wordt ook de naam van Rients van Wijngaarden vermeldt, als linkshalf. Zou hij wellicht, als leraar...? De stijl van het geschrevene verradt hier de hand van een geleetterd man.)

Wiebe Sinnema

Van de penningmeester

Per 1 juni 2015 komt onze Rabobankrekening te vervallen. Wij gebruiken dan alleen nog onze ING bankrekening met nummer:

NL08 INGB 0003 6560 00.

Mocht u automatische betalingen doen naar ons Rabobank-rekening wilt u dit dan wijzigen naar het ING banknummer.

Bedankt voor uw medewerking!

De penningmeester



Jeften

Jild moat rôlje, dêrom is it rûn

- € 25,00: J.F.S. en T.W.M.S-J
- € 25,00: L.P.K.
- € 25,00: Schutjasver.VV Warga

Net by steat om elkenien persoanlik te bedanken wol ik op dizze wize myn grutte dank en wurdearring útsprekke oan al dy minsken dy 't mei kaarten en/of it persoanlik bywenjen fan de kremaasje har meilibjen toand ha by it ferstjerren fan ús heit en pake

Sikke Feenstra

It hat ús tige goed dien.

En hoewol ús heit de lêste pear jier, troch krupsjes twongen, yn Friesma State yn Grou wenne hat, is syn belangstelling foar Wergea oan 't de ein ta bleaun.

Harry Feenstra en bêrn

Nationale collecte handicap.nl 22 t/m 27 juni

Van maandag 22 tot en met 27 juni collecteert Handicap.nl voor mensen met een beperking in Nederland.

Het geld dat Handicap.nl ophaalt gaat naar het Ango Fonds. Vanuit dit fonds wordt individuele hulp gegeven aan mensen die buiten andere regelingen vallen. Ook lokale initiatieven worden met de opbrengst ondersteund. Bovendien geeft Ango sociaaljuridisch en financieel advies (zoals belastingadvies) aan mensen met een beperking. Juist nu er veel bezuinigd wordt in de zorg en eigen bijdragen worden gevraagd, waarbij chronisch zieken en gehandicapten met een laag inkomen onvoldoende gecompenseerd.

Daarom is ook in 2015 een collecte weer hard nodig!!

Voor meer informatie: www.ango.nl/steun of bel naar 033- 4654343



Jurjen Mulder
Jacht en scheepsbetimmering

Nieuwbouw, Refit, Reparatie en
Interieurbouw

- Teakdekken
- Keukens
- Kasten
- Balies
- Ligplaats verhuur
- Winterstalling binnen en buiten
- Schildersloods (doe het zelf)

De Weinmakker 13
9005 RN Wergea

De Singel 34
9001 XP Grou

JurjenMulder@hetnet.nl

06-20885835

www.Jachtbetimmering.com

A3

A.J.Boermans
De Mounder 8
9005 RL Wergea

Tel 058-2553132
Fax 058-2553132
Mob. 06-53362587

**FOAR IT UTWURKJEN
FAN JO
BOUPLANNEN**

Verbouw - Aanbouw
Nieuwbouw

o.a. Ontwerptekening - Bouwaanvraag
Epc-berekening - Werktekening
Constructieberekening

www.a3bouwadvies.nl

BOUWADVIES

FENDT

Voor grote ...



... en kleine klanten ...



... steeds de beste investering!

MEINDERTS
WERGEA

LANDBOUWMECHANISATIE EN CONSTRUCTIE

Wartensterdyk 2
9005 XS WERGEA

Tel 058 - 255 15 65

Fax 058 - 255 20 20

Mail info@meinderts.nl

Web www.meinderts.nl



Hoi SZDRNZLL maten,

"Pannenkoek in je onderbroek"

Ein maaie alwer, it seizoen fljocht om. Noch mar in

moanne en dan giet ús moaie soos alwer ticht. Maaie wie de moanne fan de donateurs. It bestjoer hat fanatyk har bêst dien om by alle huzen yn it moaie Wergea lâns te gean om donateurs te werven. Foar dizze donateurs wie der ôfrûne 9 maaie in donateursjûn. Mei troch it optreden fan Grytz en Grize wie dit in gesellige jûn! Bedankt!

Binne wy mei it donateursrinnen net oan jo ta kaam, mar jo wolle dochs graach donateur wurde/bliuwe? Dan kinne jo in mailtsje stjoere nei bestuur@szdrnzll.nl.

Dan sjogge wy efkes foarút;

6 juny: Proud to be fout! Kom yn dyn foutste outfit om hielendal los te gean op de meast foute hits fan DJ Lex!

26,27 & 28 juny: Sluitingsweekend! Alwer it lêste wykein dat de soos iepen is, wy hawwe in fantastysk programma foar jimme makke:

Freed: Après Skibean mei zanger Ray Delano
Sneon: DJ Jeroen (bekend fan 45 jier SZDRNZLL!)
Snein: The Bounty Hunters, mei nimmen minder dan Johannes Rypma!

Oant safier, oant SZDRNZLL!

It Bestjoer

Ein dit jier is toaniel feriening Halbertsma fan doel twa jûnen yn'e Bidler te folle mei ienakters. Hjirfoar binne we op syk nei spilers en regisseurs. Liket it dy wat, hast altyd alris foar in seal fol minske spylje wollen, jou dy dan op?! It makket neat út as't no wol as net earder op de planken stien hast. Wy binne altyd opsyk nei nij talint. Opjaan by Bauke van der Veen, 058-8446653 of halbertsmawergea@hotmail.com.



Foar de twitteraars, Halbertsma hat syn twitteradres feroare yn: @TFHalbertsma.

It stik fan ôfrûne winter "It siet yn'e loft" hat yn'e toanielkriich 252 punten helle en dêrmei binne we tredde wurden yn'e eareklasse. In resultaat wer't wy tige mei ynnaam binne.

Foar febrewaris 2016 binne we fan doel it stik "God fan'e slachting" op'e planken te bringen. It sil foar't earst wêze dat dit fan oarsprong Franske stik "God of carnage" skreaun troch Yasmina Reza yn't Frysk te sjen is. De filmmakker Roman Polanski hat dizze, swartgallige komeedzje, yn 2011 ferfilme mei as titel "Carnage". De Fryske oersetting is fan Betty Schilstra en de rezjy is yn hannen fan Bert Sinnema. En dit, net as gewoan yn'e Bidler, mar op in tige bysûndere lokaasje yn Wergea....

Wy winskje elkenien in noflikke simmer en in goede fakânsje ta. Oan't takom seizoen!

It Halbertsma bestjoer

Ekstra foarstelling fan SKIPPERSBITTER op snein 14 juny yn Wergea

It Friesch Dagblad skreau:
'*Meinimende skippersyntriizje op Bald'r*'
en de Leeuwarder Courant:
'*Fernimstich spul mei skûtsjegeneraasjes*'.

De foarstelling Skippersbitter is boppe ferwachting in grut sukses. Alve besletten foarstellingen, dy't foar it grutste part ôfnaam binne troch skûtsjekommisjes en tsien iepenbiere foarstellingen dy hast allegear útferkocht binne. Dêrom sil de rige foarstellingen ôfsluten wurde mei in ekstra foarstelling op snein 14 juny om 16.00.

Skippersbitter fertelt it ferhaal fan Hylke en Sjoerd. Twa mannen út in skipperslaach dy elkoar moetsje by in wedstriid fan it Skûtsjesilen op'e Lemmer. Twa generaasjes dy't elk mei harren eigen fisjy op it silen en de skipfeart yn it libben stean. Mei ferhalen en bylden fan sawol it ferline as fan no groeie de beide mannen hieltiid mear nei elkoar ta. Mar is dy moeting tusken Hylke en Sjoerd wol sa tafallich as dat it liket?



Tekst: Bert Sinnema en Theo Smedes. **Rezjy:** Theo Smedes. **Spul:** Bert Sinnema en Harmen Brouwer. **Stim:** Aleida Fennema. **Lokaasje:** Hylkje Bruinsma - Theaterskip de Bald'r. **Technyk:** Daam Bruinsma. **Dekor:** Maarten Scholtanus, Sieb Kerkstra en Feike Schuurmans. **Klaaig:** Ypie Kerkstra en Wietske Sinnema.

Foar kaarten foar 14 juny sjoch op www.skippersbitter.nl as mail nei info@skippersbitter.nl



SINNEMA | GARDENS

Dan gaat uw tuin leven!

Hoveniersbedrijf Sinnema Gardens

Voor al uw:

- Tuin aanleg
- (sier) bestrating
- Tuin onderhoud
- Onderhoudscontracten
- Tuin renovatie
- voor particulieren en bedrijven
- Beplanting



Contactgegevens

Nieuwe Leeuwarderweg 16
9005 NJ Warga

Tel: 058-84 323 47

Mob: 06- 46 33 88 36

www.sinnemagardens.nl

info@sinnemagardens.nl



Met onze
online
diensten

kunt u meer
dan u denkt.

De meeste bankzaken regelt u net zo makkelijk online.
U wilt snel en gemakkelijk een nieuwe bankpas kunnen aanvragen. Of kort voor vertrek een reisverzekering afsluiten. Daarom staan veel van onze diensten ook online voor u klaar. Zo kunt u bankieren wanneer het u uitkomt.
Ga naar rabobank.nl/zelfregelen of de Rabo Bankieren App.

Een aandeel in elkaar



"YN LYKWICHT"
massagetherapie
Ismakogiedocente

H.J. Kooistrawei 33
9005 RE Wergea

DIRKJE SWIERSTRA - DE JONG

d.swierstra-dejong@hetnet.nl
www.ynlykwicht.nl

058 2552300



JETZETECHNIEK

Elektra
Centrale verwarming
Waterleiding
Gasleiding
Reparaties
Wasmachines
Drogers
Vaatwassers
Naaimachines
Alles waar een stekker aan zit

Jetze vragen altijd slagen!

06-20966696 / 058-8450434

jetzetechniek@gmail.com

www.jetzetechniek.nl

Gele Eker 14 Wergea



Jou dy op foar it iepenloftspul 2016!

Dat der in soad talint yn Wergea omrint hoege we jim net te fertellen.

Mar wêr't no krekt al dat talint yn Wergea sit, dat kin eins net ien ús presiis fertelle.

Om te foarkommen dat guon minsken as in gek foar de rúten stean te springen as ien fan de kommisjeleden tafallich troch de buorren giet, jouwe we no elkenien yn Wergea fanôf 16 jier de kâns om de kommisje witte te litten dat se ek graach in kear meispylje wolle yn it iepenloftspul. En wa wit....?!

Stjoer dêrom foar 1 july in mail mei deryn dyn gegevens (namme, adres, leeftyd en foto!) nei info@theosmedes.nl.

It iepenloftspul spilet yn 2016 in bewurking op de film *O, Brother where art thou* fan de Coen Brothers. Yn jannewaris 2016 starte we mei de repetytsjes en yn juny 2016 binne de foarstellingen.

Groetnis,
Kommisje Iepenloftspul Wergea

Goeiedag Wergea!

In de maand juni is het weer zover: Merkekommissje Wergea gaat weer bij de deuren langs om geld op te halen voor het bekostigen van het dorpsfeest, het opzetten van de kermis en alle activiteiten daar omheen! Omdat er in afgelopen jaren weer tal van nieuwe bewoners Wergea binnen zijn getreden, leek het ons nodig om jullie van enig uitleg te voorzien.

Merkekommissje Wergea is een club die al sinds 1927 jaarlijks het dorpsfeest organiseert. Deze oude club bestaat voornamelijk uit jonge mannen die allen veel over hebben voor het jaarlijkse feest wat de mensen uit Wergea, maar ook uit omstreken, weet te verbinden.

Het dorpsfeest, ofwel de merke, is een 5-daags feest 'weekend' dat elk jaar plaatsvindt rondom het eerste weekend van augustus. Het feest begint op donderdag met het 50+ vissen en aansluitend de 50+ feestavond in de feesttent die gestationeerd staat op het Fricoterrein. Het gehele weekend is hier trouwens live muziek te horen en voornamelijk de matineeën maken het een feestje voor jong én oud.

De vrijdag staat bekend om de grote-buurten-race (GBR), waarvoor buurten uit het hele dorp teams kunnen vormen en zo tegen elkaar kunnen strijden. Nadat de strijdbijl begraven is, gaat men doorgaans allemaal het feest in en staan buurten weer zij aan zij.

Zaterdag staat onder meer in het teken van de kindermiddag, waarbij het jongste grut uit Wergea kan genieten van een mooie voorstelling.

En 's avonds vinden de waterspelen plaats, georganiseerd door oud-kommisjeleden.

Zondagmiddag start het kleintje matinee wat altijd een hoop dorpsgenoten trekt.

Maandagochtend beginnen we vroeg en vindt de 'morningcall' plaats waarbij we met onze 'merkemobiel' Wergea warm proberen te maken voor het ochtendmatinee, dat start om 10:00. 's Middags zijn er op het merketerrein diverse spellen klaargezet om even de zinnen te kunnen verzetten en 's avonds sluiten we dan echt af met de merke! Dit was natuurlijk het programma in een walnotendop; houdt u de havensbank in de gaten voor het gehele programma.

Omdat er afgelopen jaren wel eens wat verwarring heerste over wat wij met het geld doen (nee minsken, wy keapje der gjin bier fân) even een opsomming.

Waar we u voor vragen is of u een bijdrage over hebt voor dit feestje. We bekostigen hier onder meer de 50+ (vis)avond van, de kosten die de grote buurten race en de waterspelen met zich meebrengen, we verzorgen de kindermiddag en we zorgen er bijvoorbeeld voor dat uw kind de gehele merke kosteloos in de draaimolen kan.

Mocht u ons en daarmee het dorpsfeest willen steunen, houdt u er dan rekening mee dat wij niet over een pin-systeem beschikken en dat u wat contante gelden achter de hand houdt.

Bedankt voor uw belangstelling,
Merkekommissje Wergea

2015 KCA Halteplaatsen

Wergea: Route 32 A
Morgenroute
Totaal 757

Overzicht halteplaatsen inzameling KCA.
Route 142217-A

Inzameldag: dinsdag 30 juni 2015: week 27
Inzameldag: dinsdag 10 november 2015: week 46

Straat:
Narderherne bij nr. 2: 09.00 – 09.15 uur
De Terp – Hoek Kleine Buren: 09.15 – 09.30 uur
Nieuwe Leeuwarderweg bij plantsoen: 09.30 – 09.45 uur
Leeuwarderweg bij nr. 34: 09.45 – 10.00 uur
Gele Eker bij nr. 1 (Koepelkerk): 10.00 – 10.15 uur
Nieuwe Hoek – Gele Eker: 10.15 – 10.30 uur
De Weinmakker bij nr. 24: 10.30 – 10.45 uur
Stopperlaarstrjitte bij nr. 2: 10.45 – 11.00 uur
De Skûtmakker hoek Turfskipper: 11.00 – 11.15 uur
De Skuorre bij nr. 4: 11.15 – 11.30 uur
Niewoldstrjitte bij nr. 1: 11.30 – 11.45 uur
Fricoweg op hoek Kerkbuurt: 11.45 – 12.00 uur



Ook niet onsterfelijk? Regel dan je uitvaart in vertrouwde omgeving!

Regel je afscheid in eigen dorp en kies voor uitvaartvereniging 'De Laatste Eer', Wergea, Warstiens. Deze Wergeaster uitvaartvereniging bestaat al sinds 1924. In de beginjaren deed men aan "rou en trou yn eigen doarp". Het was de burenplicht om de overledene naar zijn/haar rustplaats te brengen. Tegenwoordig is er veel veranderd.

De Laatste Eer heeft haar beleid geüpdate zonder de basis van het oude "rou en trou" weg te gooien. Daarvoor heeft de vereniging vertrouwde personen ter beschikking die onze leden kunnen bijstaan om een persoonlijke uitvaart te regelen.

De vereniging is een samenwerkingsverband aangegaan met uitvaartverzekering Twenthe, zij zorgt voor de financiële kant. Bij Twenthe kun je de verzekering afsluiten die bij jou past.

We werken met professionals en vrijwilligers. Op deze manier kunnen we jou goed bijstaan in moeilijke tijden.

De bode van onze vereniging is dhr. T Bijlsma, tel. 0511-521336/06 53931149 of 06 10330337. Mailadres: [in-fo@uitvaartzorgbijlsma.nl](mailto:info@uitvaartzorgbijlsma.nl)

Voor contact met onze vereniging 'De Laatste Eer': mevr. I Hoogwater, tel. 058-2552437. Mailadres: post@ihoogwater.nl. Telefoonnummers van de uitvaartverzekering Twenthe vind je op de polis; het algemene nummer is 053-4312732.



Hebt u ruimte nodig voor:

- een vergadering van uw vereniging
- een workshop
- een voordracht/presentatie
- een verjaardag/feestje
- een toneel-, muziek- en zangrepetitie (piano is aanwezig)
- een kleinschalige voorstelling
- een condoleance

Neem dan contact op met Douwe en Roelie Zuydendorp
Zie voor arrangementen onze website: www.usdoarpshus.nl.
In overleg is er veel mogelijk.

E mailadres: r.zuydendorp@online.nl of 058-2551276 b.g.g. 058-2126730

Gewoon...Hiel gewoon! Persoonlijk en vertrouwd!

VAN DEN BERG

TIMMER- BOUW- MEUBELMAKERIJ

Thijs van den Berg
Weaze 40
8495-HG
Aldeboarn
Tel.: 0566-631647
Mob.: 06-54206888

kaashandel
VAN DER WAL
G A R I J P

Eendrachtsweg 5, 9263 PH Garyp
Tel: 0511-521880

Wij staan vrijdag 's morgens van 8:30 u. tot 12:00 u. op het plein, hoek Kerkbuurt – Fricoweg.

Alles 1^e soort vers van het mes

De fijnste kaas uit -tje Fryslân.

Nieuws van Us Doarpshûs

Op 17 maart heeft de algemene jaarvergadering van us doarpshûsbestuur plaatsgevonden.

Albert de Boer, voorzitter en Geke Sjoerdsma bestuurslid hebben na 6 jaren afscheid moeten nemen van het bestuur. Het is de maximale tijd dat je zitting mag hebben in het bestuur. Beiden blijven weliswaar nog actief in het doarpshûs, nml Albert is o.a. actief in het filmcafé Bagdad en Geke zoekt uit of er ook creatieve cursussen gegeven kunnen worden voor de 55+ groep. Het bestuur is hier zeer verheugd over!

Simon van der Meulen, ook actief in het bestuur heeft zijn functie vrijgegeven vanwege zijn drukke werkzaamheden. Wij willen Albert, Geke en Simon hartelijk danken voor hun inzet!!

Het bestuur heeft tot op heden twee nieuwe bestuursleden welkom geheten: Erica Hepping en Marjan Houkes.

De samenstelling van us doarpshûsbestuur ziet er nu als volgt uit:

Lydia van Santen - voorzitter
Luc van Velzen - penningmeester
Marjan Houkes - secretaris
Bestuursleden:
Mariët van der Zweep
Erika Hepping

In 2015 wil het nieuwe bestuur onderzoeken wat de mogelijkheden zijn om het gebouw dusdanig te isoleren dat we duurzaam en zuinig kunnen stoken. Verder wil het bestuur onderzoeken of er naast de vele avond-activiteiten ook vraag is naar activiteiten overdag.

Wordt vervolgd!

Het bestuur

Weekend 13 en 14 juni 2015

CUNST in Wergea

Ontdek de kunst en nijverheid van de dorpsbewoners in onze eigen smûke, ondernemende dorpsgemeenschap aan de Wergeaster vaart. Laat u verrassen en inspireren in de diverse ateliers door schilderkunst, fotografie, houtsnijkunst, beeldhouwwerk, keramiek, en andere vormen van handnijverheid.

Op tien verschillende lokaties laten 23 kunstenaars uit het dorp tussen 16 en 80 jaar oud (professionals en amateurs) hun creativiteit zien. Op een paar plekken zijn er demonstraties.

U kunt door de mooie straatjes wandelen, een kopje koffie of thee drinken bij Café 's Lands Welvaren (op het terras aan het water), het museum 't Ald Slot, of De Arrestant (theetuin). Startlokatie is Atelier ZAAL 5, Leeuwarderweg 2, in het centrum van Wergea, waar een aantal kunstenaars hun werk tonen.

Een plattegrond waarop alle lokaties vermeld worden, is bij de deelnemers verkrijgbaar, dus u kunt ook elders in het dorp beginnen. Zij zijn herkenbaar aan de vlag van Toeristisch Wergea. CUNST in Wergea heet u van harte welkom op 13/14 juni van 11.00 – 17.00 uur!



MARINUS L

AUTORIJSCHOOL MARINUS TERPSTRA

058 - 255 33 10
06 - 55 367 025

De Golle 8, 9005 RT WERGEEA

www.marinusterpstra.nl

Gastvrij de beste !

Gasterij "de Waldwei"

Voor al uw


- Diners en Buffetten
- Brulloften
- Partijen en
- Vergaderingen

Fam. E. Smits

Himpensermar 1, 9005 XL
Wergea/Leeuwarden

Tel.: 058-2553030
Fax : 058-2553020

Technisch Totaal.



Beheer

Service

Installaties

Pier Duizendstra

Aldhiem 3. 9003 MD Warten
Tel/fax..058.2553077 Mobiel.06.51813478

<http://www.technishtotaal.nl>

Bezoek de website voor meer informatie en interessante, wisselende aanbiedingen

Als het om **TECHNIEK** gaat en meer dan dat.

Verwarming installaties

Sanitair

Elektrische installaties

Keukens

Incl.bouwkundige aanpassingen
en tegelwerk.

Voor complete renovatie van uw badkamer toilet en keuken

Van hypotheek tot nieuwe badkamer

*Twee bedrijven onder één dak, met één duidelijke overeenkomst:
Wij zorgen dat uw woongenot goed en prettig geregeld is.*



Sjoukje Feddes
Hypotheekadvies aan Huis



T 0566-652131 | M 06-20077708
www.etteploegmultiklus.nl



U vindt ons aan
De Parse 3
8491 PJ Akkrum

T 0566-651900 | M 06-46124114
www.hypotheekadviesaanhuis.nl
www.sjoukjefeddes.nl

Troch allerhande reaksjes oangeande it foarige artikel oer de oarlochsjierrren, belibbe troch Pyt van Os, jonkje fan 8 jier, folgje hjir noch inkele passages út syn boekje.

Invoering Duitse zomertijd

Met ingang van heden is de Duitse zomertijd ingevoerd. De klok moet dus 1 uur en 40 minuten worden vooruit gezet.

Postduiven moeten worden gedood. De opperbevelhebber van land en zeemacht heeft bekend gemaakt dat alle burger en militaire postduiven onverwijld moeten worden gedood.

Wêrom wienen de Dútsers Nederlân binnenfallen? Wat hienen wy ferkeard dyn?

Krant lêze koe ik doe noch net. Der waard fansels in protte oer praat, thús en ek as bern ûnder elkoar. Wat wisten wy as bern fan de oarloch. Op skoalle waard der net safolle oer praat. De masters en juffers moasten wol oppasse wat se seinen. Underling hienen wy it der wolris oer en wienen fansels tsjin de "moffen". Guon wisten wol wat mear mar hienen, tink ik, fan thús út de opdracht har mar stil te hâlden. Want de minsken mochten net nei de radio lústerje doe't de oarloch foar de Dútsers wat minder gong. Men moast doe de radio's ynleverje yn skoalle. Wat my noch bybleaun is, dat wie it lústerjen nei de radio by notaris Holwerda foar it hûs, op it ein fan de oarloch. Hy hie it finster in eintsje omheech skood en de radio derûnder setten. Der waard Nederlânsk sprutsen fanút Londen. Der wienen in protte minsken dy't gjin radio hienen en op dizze wize krige eltsenien de lêste berjochten.

We krigen der ek nije skoalkammeraten by. Jonges en famkes dy't troch hun âlden nei Fryslân brocht waarden út Hollân. Dêr wie hast gjin iten mear. Nammen fan doe stean my by as Jopie van der Pluim, in aardich famke, Piet (koe goed fuotbalje) en Flip Vuyl, Harry en Joop van Dalen, ien hie read hier, dy wennen op de Lytse Buorren by de famylje Bergsma, Henny van der Meer, dy wenne by Arend van der Meer. Letter kamen der noch folle mear, saneamde evakuees. Se kamen foaral út Limburg. Dat wienen meast roomske bern en dy gongen nei de roomske skoalle oan de Wartenstedyk by master Brada. Dêr hienen wy dus minder kontakt mei.

We hienen in pear stringe winters yn de oarlochs perioade. De iisbaan wie doe efter de Lytse Buorren. Ik ha it reedriden leard op de "nije sloten", in sleat njonken it sportfjild op de Hillebuorren, dêr't no de skoalle stiet. We giene dan faak de Wergeasterfeart út nei Grou en dan dienen we ús foar as in ferneamde langebaan rider sa as Auke Adema, Durk van der Duim út Wergea, Cor Jongert en sa mear.

Op 8 jannewaris 1941 organisearret de "Lytse Reed" hurdriden foar jonges en famkes fan 5, 6 en 7 jier. Hjir folgje wat nammen fan priiswinners. Wytske J. de Boer, Jakobe Kooistra, Hinke Gassner, Albert Wouda, Allardus Lantinga, Janke Hobma, Baukje Boersma,

Hinke Terpstra, Dieuwke de Jong, Rypke de Jong, Piter Zwart, Lukas Hoekstra en Ybele Wouda.

We hawwe hiel wat frjemde minsken yn ús hûs hân. In ûnderdûker wenne mei syn frou en bern yn de wurkpleats fan ús heit. Dêr boppe wie noch in lyts souderke en dêr slipten hja. Heit hie doe syn skuonmakerij yn de hoeke fan de foarkeamer.

De man wie sjauffeur en moast ride foar de Dútsers op it fleanfjild yn Ljouwert, mar dat woe hy net mear. Fandêr! Hy koe aardich prate mar net slachtsje. Hy en heit hienen in skiep kocht en dat soe hy wol efkes yn mem har keuken slachtsje. Mar hy koe net tsjin al dat bloed en doe hat ús heit it mar dien. De oare moarns doe't ik nei ûnderen kaam sieten de bloedspetters noch op de muorren. Alles moast fansels yn it genyp barre. It wie wol wat oars as skuon meitsje.

We hawwe ek in deimannich in learhanneler, Jansma út de Oasterstritte út Ljouwert, oer de flier hân. Us heit wie klant fan him. It waard him efkes wat te hyt ûnder de fuotten. Doe't hy nei in pear nachten wer fuort gong frege hy heit wat hy der foar ha moast. Jou my mar in plaat lear sei heit, dan kin ik wer wat foar myn klanten dwaan, want lear wie krap. Nee, jo kinne alles krije, mar gjin lear. Ik ha myn heit net faak liik sjoen, mar toen wie it wol rekke. Yn de swarthannel wie lear, goud foar de man. Heit hoechde doe de sinten ek net en de man wie in klant kwyt.

It wie wol behelpen mei safolle minsken yn de hûs. Wy hiene yn de keuken it húske en dat moast elts wol ris brûke. Soms wie der wolris "file". As húskepapier brûkten we âlde kranten. De tonne waard ien kear yn de wike lege. Liedingwetter hiene we net. Yn de keuken wie in reinwetersbak. Mei in ammerke oan in ein touw koene je dan it wetter optakelje. Dêr moast ek els him en har wâskje.

We hawwe as jonges in protte op Domwier by boer Jan Martens boarte. Woansdeitemiddeis wienen we frij fan skoalle. Yn in grut hok hienen we fan alles by't ein. Soldaatsje boartsje, fansels mei eigen houten makke gewearen en pistoalen. We hâlden else foarbygonger oan en fregen nei de papieren. We hawwe ek fan kramtried in saneamde tillefoan oanlein yn it lân. Mei de skeppe in slinke grave. It mocht allegearre.

Wat murken wy as bern fan de Dútsers? Yn it begjin fan de oarloch net safolle. Se marcheerden wolris troch it doarp. Se songen dan prachtich. Ik fûn it wol moai. Letter waard it wol oars. Dan plakten se wer in plakaat oan de muorre fan de skoalle mei ien as oar ferbot en as jo der net oan foldienen, dan waarden je dea sketten.

Soms kaam de griene polysje mei hûnen yn it doarp. Op syk nei ûnderdûkers en minsken fan de "ondergrondse". Fan dy lêsten hie ik gjin weet. Der waard thús net oer praat.

Lit ús it hoopje dat dit nea wer barre sil.

Pyt van Os
Earnewâld
2011





Boomverzorging Tuinonderhoud

Leechlan 40, 9003 XX Warten, mob. 06-253 92174



Makelaardij | Bedrijfsmakelaars | Vastgoedbeheer

Het grootste aanbod van Friesland in:

- ▼ Nieuwbouwprojecten
- ▼ Bestaande bouw
- ▼ Commercieel onroerend goed

Wij verzorgen voor u:

- ▼ Taxaties, zowel particulier als commercieel onroerend goed
- ▼ Verhuur en beheer van woonhuizen en commercieel onroerend goed
- ▼ Vereniging van Eigenaren Management
- ▼ Zorgvastgoed



Leeuwarden | Heerenveen | Sneek | Joure

Hoekstra, altijd dicht bij u in de buurt



www.makelaardijhoekstra.nl

Kuiertocht "Strooi en Bloei" op 26 april 2015



De start fan dizze tocht wie yn de Bidler. Wy krigen in bakje kofje mei sûkerbôle of krintebôle. Omtrint 12 oere iepene Jet Windig de dei mei in wolkomstwurdsje, der wiene 103 dielnimmers, in protte ridders mar ek in hantsje fol fytsers.

It is no de tredde kear dat dizze tocht organisearre wurdt, om de twa jier, troch 11 leden fan de fjouwer tsjerken fan Wergea – Warten – Wurdum – Warstiens. Der wie in moai ferskaat oan minsken út alle doarpen.

As de klok tolve oere slacht fertelt Leentje ús oer de moaie presintaasje, wy sjogge it ferhaal fan 2 wetterpotten, de iene is noch heel, mar yn de oere sit in barst, dêr troch krije de blommen alle dagen wat wetter en ûntstiet der in blommenpracht lâns de dyk.

"Ga op reis en ontmoet uw medemens".

Foar ûnderweis krije wy in "knap sekje", yn it pûdsje sit in broadsje, wat drinken, wat lekkers en in pûdsje sied. Dan kin de tocht begjinne.

As wy bûten komme reint it in bytsje, mar wy ha der gjin lêst fan. Wy rinne yn in lange slier it doarp út, oer de Peinjedyk, de Moskoureed nei Swichum. Yn it smûke tsjerkje is in muzikaal yntermezzo.

It koar "Sawat Suver" o.l.f. Klaske Deinum sjongt foar ús. Der is tiid om efkes op te waarmjen fan de fine rein en te lústerjen nei it bliere sjongen.

Dan rinne wy wer fierder oer de Ayttadyk rjochting Ljouwert, foar it fiadukt troch it lân nei Wurdum. Underweis lêze wy de buordsjes mei teksten fan "Geen Loesje ... mar Visje" prachtich. Yn de tsjerke fan Wurdum is der tiid foar in bakje kofje of té en ite wy in broadsje út it pûdsje. Dan splitst it oantal dielnimmers, der is de kar foar de lange of de koarte tocht. De lange tocht giet rjochting de Werpsterdyk en dan in slach om. Under it fiadukt spylje en sjonge in pear leden fan de band "Hotspot". Wy rinne de koarte tocht, lâns de Tsjardedyk en de Grienedyk. Underwyls reint it lokkich net mear. Wy sjogge op it boerebedriuw fan famylje Bos/ Uithof.

Dan rinne wy oer de Grienedyk en sjogge op 'e dyk stean "Ssstt..." tiid foar in stiltemoment, mei wer moaie teksten op de buordsjes. Wy seagen ûnderweis in protte fûgels en yn de ûnderwâl ek nêsten fan de markol. Wat is de natuer dochs moai.

Dan komme wy bij it Hekkemiede paad. Hjir is oan beide kanten fan it brechje in stikje lân sljochte, hjir struie wy it sied út, mei help fan de organisaasje, ja it komt krekt! Oer in pear wiken moatte wy der mar wer ris sjen of it sied al opkomt! Sjogge wy dan ek in blommenpracht, krekt as yn de presintaasje fan de 2 wetterpotten?

Werom yn de Bidler stiet de waarme sop al foar ús klear, hearlik it falt der goed yn! Wy prate in pypfol en drinke noch wat mei inoar. It is gesellig yn de Bidler.

Wy kinne werom sjen op in slagge tocht, in kompliment foar de organisaasje, yn hannen fan de leden fan de fjouwer tsjerken. Betanke!

Cathrien Tadema



BOUWSHOP WERGEA



Kom langs bij Bouwshop Wergea voor al uw klusbenodigheden:

- tuinhout + beslag
- sierbestrating
- tuinverlichting
- leem-, zeezand, tuinaarde
- buitenbeitsen
- gereedschap
- schroeven en spijkers
- PVC-buizen en hulpstukken

De koffie staat klaar!

Openingstijden

Maandag	: 07 - 09 uur
Dinsdag	: 07 - 09 uur
Woensdag	: 07 - 09 uur
Donderdag	: 07 - 09 uur en 19 - 21 uur
Vrijdag	: 07 - 18 uur en 19 - 21 uur
Zaterdag	: 07 - 17 uur

Andere tijden op afspraak: 06 - 18 94 22 63



Leeuwarderweg 40, 9005 NG Wergea T: 06 - 18 94 22 63, info@bouwshopwergea.nl, www.bouwshopwergea.nl

YPMA Heftruckservice Wergea

Verkoop - Reparatie - Onderhoud & Keuring
van alle merken vorkheftrucks en magazijntrucks

www.ypmaheftruckservice.nl

Henk Ypma, Tel. 06 - 443 200 28
Email: info@ypmaheftruckservice.nl

TREBLA

ADMINISTRATEKANTOOR

Trefpunt voor...

Harderherne 12 | Wergea | 058-2553198

boekhouding en loonadministratie;
voor: MKB - ZZP-er en particulier;
voor al uw belastingaangiften
e-mail: treblalbert@hetnet.nl www.trebla.nl

A. Dijkstra 9005 MB WERGEA Tel. 06-53573315
Fax 058 - 2553189 eFac: 084 747 6747 BTW nr: NL017990130B01;
Beconnummer: 441.673 K.v.K. Leeuwarden nr 01093065;
Frieslandbank 29.36.20.202



Kapsalon Francien

Leeuwarderweg 3
9005 NB
Wergea
058-2551186

Allen een fijn voorjaar met weer de
nieuwste trends op kleur en knipgebied.
Namens de Salon.

Mei

Sinds 1990 komen wij bij ziekte aan huis

Reüny J.H. Nieuwoldskoalle 1965 - 1971

Us heiten en memmen hiene it der mar drok mei; ús reüny fan de legere skoalle. "Dochst Afke wol de groeten, komt Riekje ek, ha jim al wat fan Justine heard, hoe let gean jim it doarp troch, wa komme der no presys, gean jim dan wol nei bûten as it min waar is, meitsje jim wol foto's, ik ha noch in doaze op solder fûn, miskien sit dêr noch wol skoalspul yn" ensfh,ensfh.

Wy ha fiif jûnen byinoar sitten en wy binne: Bouwe de Vries, Aukje Pol, Anneke Fridsma, Sipke de Boer en iksels. Allegearre yn Wergea bleaun of der wer hinne ferhuze. Dy fiif jûnen wiene einliks like leuk as de reüny sels, sa seine we elke kear tsjin inoar. Want wat komt der wer in protte boppe as je it oer je skoaltiid ha. Ik moat earlik sizze dat der guon yn de kommisje sieten dy't noch safolle wisten en dat ik dan faak siet fan 'hè, ik wit hjir neat mear fan', mar dat dan dochs blykt dat der fleachjes boppedriuwen komme.

De earste fragen binne fansels, wa sieten der allegearre by ús yn de klas, wa wiene ús masters en juffen, wêr is elkenien belâne en hoe komme we achter hun adressen. Dat slagge poerbêst. Us heit hat thús noch in folslein archyf fan alle klassen; ideaal en fuort de basis fan ús syktocht.

Op ús earste brief/e-mail krigen we safolle positive reaksjes, doe tochten we al dat dit in moaie middei wurde koe. Fansels sizze der guon ôf, net elkenien hat in goeie jeugd of skoaltiid hân, oaren koene dy datum net; spitich, mar wy ha ek noait de yllúzje hân dat elkenien komme soe.

Dan is it 18 april, stralend waar en sjogge je om twa oere fan alle kanten minsken nei it Doarpshûs kommen en wier, der wiene inkelen, hie ik se yn de stêd tsjinkommen dan wie ik sa foarby rûn, mar no't se sa doelbewust nei ús takamen, moasten se dochs echt by ús yn de klas sitten ha. Fermaaklike tafrelen wiene dit.

